

## **Manifest Sense of Place:**

### **Wêr't wy foar stean.**

Sense of Place is in kulturele ûntwikkelorganisaasje dy 't troch middel fan keunst- en ûntwerpprojekten it unike karakter fan it Waadgebiet ferbyldzje en fersterkje wol. Yn 'e mande mei in grut tal hjirby belutsenen fertelle wy it ferhaal fan it Noarden. It binne faak rike, út ferskillende lagen besteande prosessen mei in protte ferantwurdlikheden, wêrby alle partijen, de makkers, de bewenners, de opdrachtjouwers en it lânskip, op grûn fan lykweardigens gearwurkje. Dit manifest tsjinnet as hânfet en ynspiraasjeboarne foar alle partisipanten. Om te ynformearjen, te prikkeljen en te stypjen by it meitsjen fan plannen en it realisearjen fan projekten.

1.

### **Earst leauwe, dan sjen.**

Dreamen freegje tiid.

Foarôfgeand oan elk Sense of Place- projekt soarget de keunstner foar in goed petear mei alle lokale belutsenen om ta in dieldre dream te kommen. It is stap ien, foarôfgeand oan it praktysk tinken, wêr 't it giet om it ferbyldzjen, it sjen fan mooglikheden, it dielen fan entûsjasme en it foarmjen fan in mienskiplike yntinsje.

2.

### **Dat wat der al is.**

Nim de tiid om de omjouwing kenne te learen.

Eltse keunstutering yn de iepenbiere romte is in útnûging om de dingen op in ta de ferbylding sprekke manier te besjen of te belibjen. Doch tuike, tuike oan en stel dy iepen foar it plak en harkje nei de bysûndere ferhalen. In Sense of Place-projekt jout de omjouwing de oandacht dy 't it fertsjinnet. It ferliedt dy om it plak goed yn dy op te nimmen, it better te sjen, te hearren, te rûken of te fielen.

3.

### **Elts plak syn eigen.**

Soargje der foar dat elts projekt krekt allinne hjir mar realisearre wurde kin en dêrtroch in benei fanselssprekkend ûnderdiel fan it lânskip wurdt.

In Sense of Place- projekt wurdt sekuer ôfstimd op de unike skaaimerken en kontekst fan de omjouwing. De lokaasje is ynspirator en learmaster. Elts projekt wurdt in bestimming yn it lânskip en in plak foar ferwûndering en refleksje.

4.

### **It lânskip is floeiber.**

Jou ta dat eat net foar altiten is. Lânskippen kinne, meie en moatte somtiden sels feroarje. Alles is yn beweging en stiet bleat oan feroaring. Men kin dat krampeftich besykje tsjin te hâlden, mar men kin der ek foar kieze mei de stream mei te gean. Krekt sa as ea mei it wetter

en it tij libbe waard. Ek in keunstwurk mei meibewege en krektlyk as it lânskip ûnderdiel wurde fan de transysjes dy 't yn it lânskip har beslach krije. Omearmje de feroaring en de fergonklikens.

5.

### **Lânskip- Mienskip- Ferbûnens.**

Stean yn foar de belutsenheid fan minsken út de omjouwing. Sûnder *dit* lânskip gjin minsken, sûnder minsken net *dit* lânskip. Soargje der foar dat de lokale mienskip belutsen is by de projekten en boppedat it gefoel hat dat dizze keunstwurken ek foar en fan harren binne. Men hat it wolris oer transysje-pine, de muoite dy 't minsken hawwe kinne mei yngripende feroarings yn harren fertroude, natuerlike omjouwing. Wy hawwe as doel te sykjen nei "transysje-nocht": it boartlik, rom tinkend, belutsen ôftaasten fan dat wat kommende is. Hoe kin keunst ek bydrage oan in nij 'ferbûn' tusken kultuer en natuer?

6.

### **Yn fertroude hannen.**

Soargje binnen in projekt foar duorsume ynset fan alle belutsenen. It realisearjen fan keunst yn de iepenbiere romte is fakentiids in mienskiplik proses tusken oerheid, organisaasje, lokale bewenners en keunstners. Kreëarje in respektfolle, ynklusive wurkomjouwing, wêryn eltsenien syn of har rol mei ferve wierje kin. De dynamyk en it gefoel fan dield eignerskip dat ûntstean kin, hat grutte wearde.

7.

### **It kostet wat, mar dan ha jo ek wat.**

Besef en jou ta dat it ûntwikkeljen fan keunst yn de iepenbiere romte in protte tiid, jild en ynspanning ferget. In feroaring oanbringe yn it lânskip, yn ús leefomjouwing, is net allinne in technyske opjefte fan komsa, mar boppe alles in kulturele died. Skat de dingen op wearde. Doch dat ek wat de tiid oanbelanget, krekt lykas de ynspanning en it jild dat der oan anneks is. It giet om grutte prosessen dêr 't de ynfloed fan sichtber wêze sil. In keunstwurk yn in it lânskip kin oanmoedigje om nei te tinken oer maatskiplike kwestjes, skiednis, erfgoed, romtlike kwaliteit en útnûgje om fan út in oar perspektyf nei it al besteande te sjen.

8.

### **Doch it. It kin. Hâld fol.**

Bring elkoar de mienskiplike dream yn it ûnthâld.

Tink grut en lit dy net tsjinhâlde troch regeljouwing. Ha de moed om de oar út te nûgjen om bûten de lyntsjes te kleurjen en iepen te stean foar ûnferwachte ferrassings. Fertel dat ferhaal of realisearje it projekt dêr't wy noch net fan wisten dat it winske wie. Tsjin de stream yn, stroffeljend, stammerjend, mei lef en de moed fan de ûnwissichheid. Doch it. It kin wól.